



DE TREFFER

JIERGONG 55-3 MAART 2025

De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

Foto's foarside

Treffer:

Henk Bootsma

Jiergong 55 nûmer 3

maart 2025



Redaksje:

Tryntsje Kooistra-Bouma V. Eijsingaleane 22, 8734 GD Easterein 06-21467278
Metsje Huitema Swingoerd 33, 8731 CV Wommels 0515-333295
Willem Wijnia De Homeie 27, 8731 EC Wommels 0515-331444
Fakatuere
'Fêste' stikjesskriuwer; Aant.

Adres:

tillefoan:

Webside en Twitter-redaksje:

Aant Hofstra: aant@vv-sds.nl

Willem Wijnia: willem@vv-sds.nl

Bestjoer:

Helga Develing	Heechhiem 1, 8734 GS Easterein	06-52628565	Foarsitter
Tryntsje Kooistra- Bouma V. Eijsingaleane 22, 8734 GD Easterein 06-21467278			Skriuwer
Lourens van der Pol 't Bosk 19, 8731BJ Wommels		0614185253	Ponghâlder
Fakant			Foarsitter jongerein
Syb Overal	Streek 30, 8734 GR Easterein	06-33030042	Wedstrydsekretaris
Catharina Postma	Iisbaan 10H, 8731 DW Wommels	06-19033966	Ledenadministraasje
Fakant			PR en Reklame
Kerst Hoekstra	Pastoor ten Bokumstrjitte 11, 8736JG Reahus	0622187399	Technyske saken
Marco Groothof	Trijekeningwei 3, 8831 ZT Winsum	06-10562399	Terrein/Skoalleseize

tillefoan:

funksje:

Jongereinkommisje: Eemaladres: Jeugd.sds@gmail.com

Fakant	Foarsitter
Peter Geertsma	Algemiën lid
Dirk de Jong	Algemiën lid
Pieter Kamstra	Algemiën lid

E-mailadressen:

Foarsitter@vv-sds.nl

Ponghalder@vv-sds.nl

PRcommissie@vv-sds.nl

Wedstriidsekretaris@vv-sds.nl

Ledenadministraasje@vv-sds.nl

Sekretaris@vv-sds.nl

TC-foarsitter@vv-sds.nl

TCjeugd@vv-sds.nl

Accommodatie@vv-sds.nl

=> Helga Develing
=> Lourens van der Pol
=>
=> Syb Overal
=> Catharina Postma
=> Tryntsje Bouma
=> Kerst Hoekstra
=> Jongereinkommisje
=> Marco Groothof

Sponsor- c.g. PR-kommisje

.....

Johan Postma & Allert Turksma
Willem Wijnia

Shirtsporsoring, reklamebuorden en Freonen fan
SDS (PRcommissie@vv-sds.nl)
Wedstriidstipers SDS 1
Advertinsjes De Treffer

De Treffer, jiergong 55 nr. 3

2

maart 2025

Wedstrydsekretariaat

Senioaren, seal en de jeugd:

Syb Overal, Streek 30, 8734 GR Easterein, tel: 06-33030042

Skiedsrjochterkoördinator:

Enne-Johannes Bruinsma, De Singel 12, 8734 HR, Easterein 06-29974138

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700

(SDSkantine@gmail.com)

Fersoarging terrein:

Andries Stuiver A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein

tillefoan:

0515-332872

Fersoarging materialen:

Klaas de Haan, Klaas Overal, Lolke Bouma en Willem Twijnstra

Aktiviteitenkommisje:

Bauke Dijkstra, Lourens van der Pol, Robin van der Weg en Sietze Stoffelsma.

Bankrelaasje:

NL60RABO0349501033

Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferieningsnûmer KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer:

Easterein:	Hester Hiemstra, Skoallestrjitte 10, 8734 GM, Easterein	06-12951565
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Fam. Sytsma, Roede 27, 8731 CT Wommels	0515-332905
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjoerd Boonstra, Hearedyk 59, 8735 HP Itens	0515-332457
Reahûs/Turns/Hidaard:	Fam. Gerbrandy, Sanleansterdyk 24, 8736 JB Reahûs	0515-332910
Spannum:	Hendrik Eringa, Wijniastrijtte 4, 8843 KM Spannum	06-52282533
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13, 8831 XT Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Auke Eringa, De Ljurk 13, 8731 EJ Wommels	0515- 332649
Oare plakken:	Metsje Huitema, Swingoerd 33, 8731 CV Wommels	0515-333295

Kontribúsje:

Senioren fjildfuotbal:	€ 74,-	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 51,-	it healjier
Junioren O19 en O17:	€ 57,-	it healjier
Junioren O15:	€ 48,-	it healjier
Pupillen O13 en O11:	€ 40,-	it healjier
Pupillen O9:	€ 35,-	it healjier
Froulju 7x7	€ 27,-	it healjier
Foar de jongerein jildt fanôf it twadde bern 20% koarting		

Dizze kontribúsjebedragen binne eksklusyf de bijdrage foar it kleanfûns. Dizze betrefte foar senioarenleden €6,- en junioarenleden €5,- per heal jier.


By de earstehealjiers-kontribúsje wurdt ek €6,- foar de Grote Clubactie ôfskreaun. Dizze 2 lotten krije je fan je leider en kinne efentueel je ferkeapje.

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij.

Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong **fergees**.

In programmaboekje kostet foar leden, sponsers en freonen fan SDS **€1,-**.

Mei it nûmer fan it programmaboekje meitsje je kans op drûge woarsten.

Bauke de Boer yn't sintsje	It ljocht op Topfysio Wommels	De Hollandse 100 fan Allert
		
side 6	side 8	side 18

Ynhâld

<i>Fan de redaksje</i>	<i>3</i>
<i>Fan it bestjoer</i>	<i>5</i>
<i>Yn't sintsje; Bauke de Boer</i>	<i>6</i>
<i>SDS'er der op út</i>	<i>9</i>
<i>Ajax 125 jier</i>	<i>10</i>
<i>vv Oosterlittens 90 jier</i>	<i>11</i>
<i>Hite nûtsjes</i>	<i>12</i>
<i>In fruitmandsje bringe by Mark Klijnsma</i>	<i>14</i>
<i>SDS-jeugd docht mei oan de Kidsrun by sc Heerenveen</i>	<i>15</i>
<i>It ljocht op Topfysio Wommels</i>	<i>16</i>
<i>De Hollandse 100 mei Allert</i>	<i>17</i>
<i>De SDS-League</i>	<i>18</i>
<i>Fan de feestkommisje</i>	<i>20</i>
<i>Persoanlik: Lisa Hoekstra</i>	<i>22</i>
<i>In fruitmandsje bringe by Jentje Jorritsma</i>	<i>24</i>
<i>Neikompetyse 2024-2025</i>	<i>25</i>
<i>SDS-Look-a-likes (45)</i>	<i>25</i>
<i>Slút je oan by GEKE en stypje SDS!</i>	<i>26</i>
<i>Ballen yn de beam</i>	<i>28</i>
<i>Ut de âlde doaze</i>	<i>29</i>
<i>Doelpuntenmakers senioaren 2024-2025</i>	<i>30</i>
<i>Aginda</i>	<i>32</i>

Fan it bestjoer

De meningen over wat een bestuur doet verschillen nogal. Zo hoor ik soms dat men weet dat het best wat werk vraagt als bestuurslid, maar hoor ik soms ook dat het niet veel voorstelt. Ik kan jullie vertellen: het wisselt best wel, maar over het algemeen vraagt het inspanning, tijd en energie. En leveren die inspanningen ook weer energie op!



Naast het bezoeken van wedstrijden en het invullen van diensten voor de bestuurskamer, hebben we als bestuur bijvoorbeeld nauw overleg met de Skoalleseize. Daar staat een en ander te gebeuren, maar daarover later dit seizoen meer. Wel kan ik melden dat we, samen met de Skoalleseize, ons aan het oriënteren zijn op hoe en met wat straks het kunstgrasveld te vervangen. Voor 2030 moet het veld vervangen worden en een kleine commissie houdt zich nu bezig met voor- en nadelen van de verschillende soorten velden. Wat is voor ons het meest ideale veld? Kunstgras zoals we dat nu hebben mag straks niet meer.

Daarnaast zijn we druk bezig met het invullen van vacatures. De meest belangrijke daarvan is op dit moment die van bestuurslid PR. Er is nog altijd geen vervanger voor Bauke de Boer en bestuursleden vervullen nu extra taken. Eigenlijk doen we de PR nu tekort, terwijl dat toch een essentieel aspect is voor de financiën van de club. Gelukkig zijn er gesprekken met mogelijke kandidaten. Sowieso is het vinden van nieuwe vrijwilligers steeds lastiger. We mogen ons gelukkig prijzen met de groep mensen die zich nu inzet voor de vereniging. Er is een groep vaste vrijwilligers die zich met hart en ziel inzet, we kunnen die mensen niet vaak genoeg bedanken. Dank jullie wel!

Een vereniging bestaat natuurlijk uit leden, spelende leden zijn nodig om de teams te vullen. In de loop van een seizoen gebeurt ook daar het een en ander. Spelers raken geblesseerd of kunnen om een andere reden (tijdelijk) niet meer meespelen. Leiders, trainers en TZ/TZ jeugd zijn elke week weer bezig om zoveel mogelijk teams te laten spelen. Er zijn weken dat het veel inzet van ze vraagt om voor alle teams voldoende spelers te hebben. Gelukkig willen spelers en begeleiders meestal graag bijspringen en zo redden we het met elkaar vaak wel.

Als club richten we ons nu op de laatste periode van het seizoen. Nacompetitie is nog altijd mogelijk en het doet me goed dat op zaterdagen veel supporters langs de lijn staan. Popko heeft al een paar keer bijna alle boekjes verkocht! De jeugdcommissie is al weer bezig met de slotdag voor de jeugd, maar gaat eerste nog met de jeugd de sponsorloop in Heerenveen doen. En de activiteitencommissie gaat aan de slag met de slotdag op de laatste thuiswedstrijd van het eerste. Die hoe dan ook feestelijk zal worden! Laten we er met elkaar een mooi restant van het seizoen van gaan maken.

Helga



Bauke de Boer

It sintsje hat sich ôfrûne winter noch net faak sjen litten, mar by SDS bin der in oantal minsken dy’t wy graach ‘yn ‘t sintsje’ sette wolle. Faaks minsken dy’t al hiel wat jierren bûn binne by SDS as dy’t sich al jierren ynsetten foar de klup. Dizze kear in man, dy ‘t hiel wat jierren ûnderdiel is fan SDS... in frijwilliger mei in swart-wyt fuotbalhert. Mar ek in frijwilligershert, want wat hat dizze man wat by it ein hân. Wy giene yn petear mei Bauke de Boer.

Bauke hat fan 8 oant 18 jier fuotballer west bij SDS. It lêste jier by de A-junioaren mei û.o. Wouter Hijlkema, Lolke Hofstra en Dirk Stegenga. Bauke hie faaks wolris lêst fan’e knibbel en doe’t hy by de tsjinstkeuring dêrom ôfkart waard, hat hy ek beslûten te stopjen mei fuotbaljen. Mar stil sitte wie der net by. Bauke wie in trouwe supporter fan SDS 1 en gie dan ek eltse sneon op paad. Earst de ‘Dik-Voormekaar-show’ lûsterje en dan yn’e auto as op it fytske it 1^e efternei. Ek skreaun Bauke lytse stikjes foar de Boalserter Krante mei in lyts ferslach oer de wedstriden fan SDS 1. Bauke wie ek net te benaud om wat te organisearjen, sa hat hy wolris faker in bus regelt nei de Knickerbockers as mei alle supporters nei Delfstrahúzen foar in kampioenswedstryd.

Derneist wie Bauke fêste flagger by it sealteam fan SDS, it team mei û.o. Tamme de Boer en Stoffel Bouma.

Fjirder hie Bauke wolris wat kunde yn Hearrefean. Want syn swart-wyt fuotbalhert, hat neffens my de foarm fan in pompeblêd: Bauke is grutske supporter fan SC Hearrefean. *‘Ik ha no hast 40 jier in seizoenkaart’*. Dus ek hast in jubileum mei Hitsje, syn frou. *‘Want doe’t wy trouwden, ha ik ek in seizoenkaart naam... ik socht dochs in útflecht op snein. Elke thúswedstryd giene we mei in auto fol nei Hearrefean.’*

Sa hat hy meiwurke oan *‘Maak de kooi mooi’*, troch mei jeugd fan SDS spandoeken te meitsjen foar it Abe Lenstrastadion. Bauke hat wol klinics regele en sa hat Maarten de Jong, âld spiler fan SC Hearrefean, in healjier trainer west by SDS.

Bauke knipte en plakke alles út wat mei SDS te meitsjen hie, sa hat hy 3 plakboeken fol (sjoch foto) byholden. Dernei gie hy foar SDS ek oan’t knippen en plakken, want fan 1983 oant 1996 hat Bauke adfertinsjes sammele foar ‘de Treffer’. Yn dy



tiid mochten se sels de boekjes yn elkoar sette. Mei syn allen in 'rondje om de tafel', briefke foar briefke stapelje en op it ein, nei it gekleurde foarblêd, in nysje deryn en klear wie 'de Treffer' yn A4 foarmaat.

En doe rolle de bal fan de Treffer nei it Haadbestjoer...

'Myn rol by de Treffer wie hie foaral te krijen mei sponsoring en adfertinsjes. De PR-funksje yn it bestjoer kaam yn 1990 frij, omdat Gerlof Gerlofsma stoppe en doe ha ik syn plakje oernaam. Doe hat der 3 perioades fol makke. Ûndertusken wie ik ek noch lieder, tegearre mei Chris Postma en Lolke Okkema, by it team fan Pieter, myn soan.' As wie it miskyn oarsom... dat Pieter mei syn heit mei moast. *'Wy bin beide gjin fuotbaltalinten, mar it spultsje fyn we al moai!'*

Yn 2002 stoppe Bauke, hy hie doe 3 foarsitters mei makke: Enne Bruinsma, Tinus Hoekstra en Rienk Wiersma.

Doe't yn 2012 Douwe Dirk Reitsma foarsitter wie, besocht hy Bauke te freegjen as hy ek ynteresse hie om op'e nij de PR-funksje te beklaaien, omdat Enne-Johannes Bruinsma stoppe. Bauke seach dit wol sitten en sa makke hy noch 3 kear in perioade mei binnen it haadbestjoer fan SDS. In unyke prestaasje! Op'e nije wer oan de slach ûnder trije foarsitters, want hjirnei kamen Willem Wijnia en ús deistige foarsitster Helga Develing.

Bauke hat syn funksje altyd mei wille útfiert. kinst de lêzers ek meinimme wast allegear by it ein hân hast?

'Sponsors benaderje troch efkes in praatsje mei se te meitsjen, is eins wat ik die. Ik freegje net foar mysels, mar foar de feriening. En fansels is 'nee' ek in antwurd.

Ik fyn't moai dat ik ferskate haadsponsors binne helle ha, as dat se hun kontrakt by my ferlingt hawwe. Sa bin der kontrakten tekene troch KMA, American Base, Stuiver Auto's en fansels ús hjoeddeiske sponsor Grafische Groep van der Eems.

Dêrneist haw ik ek in oantal jubileumjierren meimakke. Fansels ha ik dêr ek myn bijdrages levere. Doe't SDS 50 jier bestie is der in boek útkaam, dêr ha ik oan meiwurke en fansels wie it dy jubileumdei bloedhyt dei yn '97. Dêr stie ik neist Hinke



Kuiper op it fjild te switten yn swart/wyte klean.'

Bauke wit eins net better dan dat hy frijwilliger is. *'ik bin belutsen en doch wat ik dwaan kin foar en mei it doarp, Easterein is mar lyts, mar ik ha my altyd ûnderdiel fielt fan it doarp. Je helpe wêr't je wat dwaan kinne'* Sa seit de man dy't op de Vrijburg opgroeit is, no is hy al jierren aktyf by it doarpskrantsje fan Easterein.

Dat syn wurk en frijwilligerswurk goed mei elkoar gean sjogge we ek werom yn Easterein. Sa hat Bauke ferskate projekten skildere. It 'ynformaasjehokje', dat eartiids op de hoek stie tusken de Wynserdyk en de Griene Leane. It entree-hokje en ôfrûne winter hat hy tegearre mei Jeroen Brouwer de bestjoerskeamers yn 'e saus setten.

Yn 2000 wiene wy by Ed Nijpels oan it wurk (Bauke wurket by in skilderbedriuw) en sa frege ik oan syn frou as Ed ek balstiper wêze woe foar in wedstryd fan SDS 1. Wêrop syn frou antwurdet 'waarom vraag je mij niet? Ik heb ook een bedrijf?' en sadwaande stie frou Nijpels op it haadfjild fan SDS (sjoch krantenartikel).

Bauke, tige tank foar dyn tiid en ferhaal. Wolst fjirder noch wat kwyt?

Ik wol alle sponsoren fan SDS tank sizze foar hun stipe oan SDS. Ek tank oan alle bestjoersleden wêr't ik de ôfrûne 24 jier mei gearwurke ha.

Wy sette Bauke op de slotdei ek noch efkes yn't sintsje!

Graach oant dan!

(TB)

Frou Nijpels die ôftraap yn Easterein

EASTEREIN - Elsbeth Janmaat, de frou fan kommissaris fan de keninginne Ed Nijpels, die op sneon 17 febrewaris de ôftraap fan de fuotbalwedstryd SDS-Waterpoort Boys. Har bedriuw, Dienstverlening in Human Resoures Management, stelde de wedstrydfoar dizze streekderby beskikber. Elsbeth Janmaat wie troch Bauke de Boer nei Easterein helle. Ferline jier hat hy bij de famylje Nijpels op Diken bij Langwar oan it wurk west. SDS en Waterpoort Boys spilen gelyk. Krekt foar it skoft makke Waterpoort Boys 0-1. Yn de lêste minuten fan de twadde helte kaam SDS op 1.



Frou Nijpels ferlit mei Bauke de Boer it SDS-fjild.

SDS'er der op út!

Steven van der Pol liet oan it ein fan foarich fuotbalseizoen witte der net te wêzen by de nije seizoenstart. Hy gie in fuort te staasjerinnen. Ynmiddels is hy werom. Ris efkes heare hoe 't it mei him is en as it al hast wer begjint te kribeljen.

Wêr bisto al dy tiid west?

Tailân, Bali en Vietnam

Hoe lang bist fuort west?

In heal jier

Wie dit foar skoalle?

Ja, ik haw der minoren folge foar myn stúdsje.

Binne jim dêr ek net nei in fuotbalwedstrid west?

Ja! Yn Thailân bin ik nei Port FC, de toenmalige koploper ta west. Dat wie machtich. Ek Bali United haw ik besocht. Hjir kaam it bier yn plastic pûdsjes en it voetbal wie fan matig niveau. Ik tink dat SDS 2 der nog wol fan winne kin. Miskien een idee foar trainingskamp.

Hast oars ek noch wat leuke dingen dwaan kinnen neist keihurd studere?

Ik haw foaral drok oan it studeren west, maar dêrneist hie ik gelokkich wat tiid om moaie reizen te meitsjen, bergen te beklommen, te surfen en op stap te gean.

Hast dêr ek fuotballe?

Seker, geregeld sels. Ien kear hawwe we op bleate fuotten in potsje spile tsjin Thaise bern. Dit resulterde yn bloedende fuotten maar wol wûn gelokkich. Foar de rest in soad pingpong & poolen.

Hast SDS en it fuotbaljen ek mist?

Absolút, mar ik waard goed op de hichte hâlden troch it thúsfront.

Koest al dy goals fan dyn broer Lourens by SDS 1 dêr wol wat folgje?

Jaseker, it wieden der net safolle gelokkich. Maar dankzij it SDS Instagram account fiele it soms alsof ik der live by wie.

Bist no ek alwer oan it fuotbaljen?

Ik sit nog een bytsje yn de wintersliep maar haw lêsten de skoannen út de doaze helle om efkes yn Ljouwert mei te fuotballen. Dat smakke nei meer, dus ik verwacht ynkoarten wol wer op de fjilden te stean.

Wy hoopje dy gau wer op it fuotbalfjild te sjen!



Ajax 125 jier

In foarjiersprakkesaasje. Of mear in fraachje.

Wannear haw ik foar it earst bij SDS 1 west? Hoe lang fyts ik op sneontemiddei nei Easterein? Ik haw feitlik gjin idee. Dat de bruorren Ypma yn it earste sieten en dat Chris de Bruin omraak skoarde en dat AK de Boer leaver sels skoarde dan de bal ôf te jaan. Dat stiet mij noch foar de geast. Dat Jan Strikwerda de doelman wie en Geert Hiemstra de wetterflugge bûtenerspiler. Gelf Eringa syn loepsuvere fuortsetten fan rjochts foarsette en der bij rôp : ik kin se net moaier jaan. It sil midden/ein jierren 60 west ha. Nee, ik siet net op fuotbal. Ik wenne yn Wommels en keatste (match).

Fuotbalje diene wij op it skoalplein en op de Terp. Dat hokje mei de opstelling tsjin de muorre yn it Noard wie wol in dinkje dat myn belangstelling hie.

Mar hawar it sit mij suver yn de wei dat ik it net krekt wit wannear.

Ik gong yn dy jierren 60 oant 1976 alle wiken nei it betelle fuotbal. Dan wer nei it Fean dan wer nei Cambuur.

Yn Wommels wennet Pier Alta, de soan fan de boargemaster. Dy is folle âlder as ús, hat al in auto en dy giet der sneins faak op út.

Ajax yn syn favorite klup en Hearrenfean ek wol. Sa besykje wij tal fan útwedstriden fan Sc Heerenveen, lykas tsjin Haarlen, Blauw Wit yn Amsterdam, Wageningen en de Volewijckers.

Ik blêderje myn plakboeken troch en kom al dy programma's fan dy wedstriden wer tsjin en faak ropt it noch in herinnering op. Bij Haarlem-sc Heerenveen hie Ate Vellinga in akku mei yn syn pukkel en dêr hong in toeter oan Fêst. It wie in makkie om dat spul mei nei binnen te krijen en wij wiene benijd nei it lûd. Dat foel tsjin. At wij stil wiene koene wij it krekt heare. Haarlem wûn dan ek mei 2-0.

Yn 1969 wurdt Feyenoord myn favorite klup. Sij winne de heechste prijs as earste Nederlânske klup: de Europakup. De kleurenfoto dy't yn de VI siet doe, hinget yn myn kantoar. Wat in keardels stean dêr op, Israel, Laseroms, Willem van Hanegem en Wim Jansen


Op 10 oktober 1971 begaan ik in jeugdsûnde. Pier Alta wol nei Ajax – NEC en syn maat Ajax maat Cees Baukema kin net mei. Hij wol ús mei ha en ik haw gjin idee hoe lang hij oandrongen hat, mar ik haw der west.

Myn plakboek licht net.

Ik sjoch de opstelling fan doe noch efkes en de measte nammen komme mij wol bekend foar, ek al is it Ajax, myn minst favorite klup.

Mar goed, 125 jier âld, dus jierdei en dêrom de lokwinken.

Aant



vv Oosterlittens 90 jier

Op 31 jannewaris bestie vv Oosterlittens mar leafst 90 jier. Sy fiere dat dit seizoen mei ferskillende aktiviteiten. Sa organisere sy op freed 9 juny in jubileumwedstriid tusken âld-VVO en âld-SDS. Nei de wedstriid is der muzyk yn de kantine fan VVO fan Jokers Wild.



Wa't der allegear meidwaan sille by âld-VVO en âld-SDS is noch net hielendal wis. Hjir foar meie jim de SDS-side en Facebook goed yn de gaten hâlde. Wy kinne al wol ferklappe dat in pear SDS-toppers dy't ek in ferline by VVO hawwe meidogge by SDS lykas Harm Stremler, Skelte Anema, Jan Weijer, Jaap Toering en Minne Bouma. Dêrneist dogge û.o. Wouter Hijlkema, Henk Walda, Wichard Deinum en Robert Sijbesma mei. By VVO dogge sawisa Edwart en Robert Terra, Minne Fokkens en Gerrit Folkerts mei. De rest fan de seleksje wurdt ien foar ien op tiisdeis en freedse bekend makke op de Facebookside fan VVO.

Set freed 9 juny dus mar fêst yn de aginda om efkes op de fyts nei Littens te gean. It wurdt der fêst gesellich.

VVO fuotballet folgend jier net mear op snein mar op sneon en der is dus in kans dat sy folgend seizoen by SDS yn de kompetysje sitte.

Hite nûtsjes

Spitich dat SDS neist de perioade greep. perioade pakke kin. Of moat SDS noch net wer omheech?

It giet sa moai as wat mei us Flaggeskip. It is bytiden ek wer genietsje lâns de line. Wat my oangiet gean se gau wer omheech, al soe it foar de jongerein miskien better wêze om noch in seizoen yn dizze klasse te baljen.



VV Oosterlittens giet folgend jier ek op sneon baljen, dus de kans is der dat sy by SDS yn de kompetysje komme. Hasto wolris fan VVO ferlern?
Jawis wol. Yn myn belibbing wienen dat altyd hiele grutte, sterke jonges en dêr ferlearen we dan ek wolris fan.

VV Oosterlittens bestiet daliks ek 90 jier en sil dit û.o. fiere mei in wedstryd tusken Ald-VVO-ald-SDS. Hasto noch SDS-koryfeëen dyst graach wer ris tusken de linen sjen wolst?

Wouter Hylkema, Jeroen Brouwer, Wesley Hotinga, Floris Hiemstra, Harm Stremler, Robert Sybesma en sa kin ik der noch wol in pear opnimme. Wat do?

Bisto ek sa bliid dat Van Persie fuortgien is by sc Heerenveen?

De wize wêrop fertsjinnet net de beker. Fyn it eins net kinnen. Mei it Hearrenfean draaide hy wat in apart seizoen. Thus noch mar 1 kear ferlern en noch altyd sicht op play offs omheech as nei ûnderen. Fansels winskje ik him alle sukses by Feyenoord ta, utsein de lêste thuswedstriid fan dit seizoen.

Wol moai dat sc Heerenveen 1½ miljoen euries krigen hat foar Van Persie, mar no binne se der mei oan. Sy moatte foar 1 april in nije trainer hawwe oars krije sy miskien wol punten yn mindering. Wa moat der komme?

Robin Veldman, man fan de klup!

Silst ek nei de Helden van sc Heerenveen? Sander de Vries wie yn de Ljouwerter Krante net sa te sprekken oer de supporters fan sc Heerenveen. De helte fan it stadion sit mar fol. Wat fynsto dêr fan?

Ja en it die bliken dat mear as de helte fan it stadion fol siet, san 16.000 man/frou, lang net gek. Hearrenfean hat der wat moais fan makke en it wie geweldig om al dy âld spilers en fansels Foppe de Haan wer op it fjild te sjen.

Hoe komt it mei Liverpool?

Dy kinne it kampioenskip noch wolris raar ferskite. Dit is begien mei de bekerblamaasje tsjin Plymouth Argyle mei in B-alvetal. Dit wie net handich en

dêrnei sitte sy der net lekker mear yn. Sy moatte noch 5 kear winne, mar myn gefoel seit dat it op de slotdei fan it seizoen wolris net Arnes Slotdei wurdt.....

Ajax dan wol kampioen?

Yn 2000 bestie Ajax 100 jier en dat seizoen gie alles mis. No besteane sy 125 jier en fiel ik nei de Europacup-blamaasje tsjin Eintracht Frankfurt en it lykspul tsjin AZ dat sy it kampioenskip ek noch fuortjaan gean. Ferlieze fan PSV en Feyenoord en de kampioenskarre yn Eindhoven kin alsnoch optúge wurde.

Wat fynsto fan al dy prachtige útsjurts yn it fuotbal?

Ik ergerje my blau en giel oan al dy ferskrikkelijke útsjurts. As SC Heerenveen thús tsjin Ajax moat dan kin Ajax dochs gewoan yn it read-wyt spylje? Wêrom spylje se dan yn dat skytsjurt? Go Ahead hat prachtige read-giele sjurts. En dan út tsjin PEC yn it pimpelpears. Ik begryp der gjin hout fan. Utsjurts binne gjin sjurts! Utsein it écht net oars kin. Sei ik út? Sjurt út!

Wat fynsto fan de Huddle foarôf? Ik krij der wat jokte fan en ha it gefoel dat as Barcelona takomme wike bokjespringen giet, dat alle oaren dat in wike letter ek dogge.....

Kinsto my in sport nimme dêr't ek sa alleferskuorrende faak flybke wurdt?

Oranje thus tsjin Spanje, wat in pot! Hoe skatsto op dit stuit us kânsen yn foar it WK 2026?

SDS-paraplu


Der binne folop SDS-paraplú's te krijen. Sy koste mar €15,-.

Sy binne net allinnich ideaal om mei hjerstich waar oan de kant fan it fuotbalfjild op te hawwen, mar kinne ek tsjin de sinne of de snie brûkt wurde.

Oan de SDS-paraplu sil it net lizze.

Bestel se fia info@vv-sds.nl.

Sy binne ek yn de bestjoerskeamer te krijen.



In fruitmandsje bringe by Mark Klijsma

By SDS 2 misse wy Mark Klijsma al in pear wiken. Wy sjogge him wol op it sportkompleks, mar net op it fjild. Wat is der oan de hân?

Wêr hast lêst fan?

Ik haw myn linker pols kniest.

Hoe hast dat sa krigen?

Yn in duel mei de tsjinstanner sloech ik earst tsjin de bal en doe tsjin him oan. Doe klapte de pols dûbel.



Fernaamdest doe lyk dat it mis wie?

Nee, eins net. Ik haw de hiele wedstryd útspile en krige der pas de folgende deis lêst fan.

Hast der mei it bierdrinken ek lêst fan?

Ik haw lokkich genôch noch in hân.

Do siest der dit seizoen oars sa noflik yn. Hoe no fierder?

Ja, ik baal der seker fan, mar it is no efkes net oars en ik gean der fanút dat ik noch better werom kom.

Giest ek nei de fysio?

It hat tiid nedich om te herstellen en ik bin al in moai ein op wei. Ik merk dat it hieltiten better giet.

Wannear ferwachtesto wer op it fuotbalfjild te stean?

Dat sil net sa lang mear duorje. Ik ferwachtsje binnen inkelde wiken der seker wer te stean.

Wat misto no it meast no asto net fuotbalje kinst?

De klaaikeamerhumor fansels en it wedstrydgeoel op sneon.

Mark, in protte sukses mei dyn herstel!
Wy hoopje dy gau wer yn de goal te sjen!

(WW)

SDS-jeugd docht mei oan de Kidsrun by sc Heerenveen

Op woansdeitemiddei 9 april organisearret sc Heerenveen in grutte kidsrun by it Abe-Lenstrastadion.

As Sportief Partner fan sc Heerenveen mei de jeugd fan SDS oant en mei 12 jier hjir ek oan meidwaan om jild yn te sammeljen foar de jeugdôfdieling fan SDS.

In unieke erfaring! Dochsto ek mei?

De jeugd fan SDS sil dan yn de bus nei Hearrefean.

It wurdt in alderaadichste dei, want neist de Kidsrun organisearret sc Heerenveen op dy dei noch folle mear leuke fuotbalaktiviteiten.

Op Youtube kinne je in leuk filmke fine fan de edysje fan 2024 troch vv Makkum.

De jeugdspilers fan SDS oant en mei de JO12 hawwe in flyer fan de lieder of trainer krigen of krije dizze noch. Hjir stiet in persoanlike aksjelink yn. Dizze link kinne de jeugdspilers trochstjoere nei famylje, buorlju, pakes en beppes, fage kennissen, kollega's fan mem of wa ek mar. Sponsors kinne harren dan sels oanmelde en ek lyk betelje. Wol sa makkelijk.

Mei dizze aksje sammelje wy jild yn foar de jeugdôfdieling fan SDS. Dielnimmers meitsje kâns op moaie priizen fan sc Heerenveen lykas bygelyks in teamuitje nei sc Heerenveen of in sjurt mei hantekeningen.

Mar in soad súkses en wille tawinske mei dizze aksje!

Sjoch op <https://www.sponsorloop.nl/vvsds/tussenstand> foar de tuskenstân.

Je kinne dêr ek de SDS-jeugd stypje. Dit kin oant 8 april 23.59 oere.

Ynmiddels is der al mear as €2000,- binnenhelle.

Alfêst tige by tige!

Jeugdkommisje
vv SDS



Intersport De Leeuw
KIDSRUN **9 APRIL** 

 sponsorloop.nl/kidsrunheerenveen

It ljocht op Topfysio Wommels

Samenwerking SDS en Topfysio Wommels

Al jaren heeft SDS een fijne samenwerking met de (sport)fysiotherapeuten van Topfysio Wommels. De sportieve en kundige benadering van de fysiotherapeuten van Topfysio Wommels, zorgde er de afgelopen jaren voor dat vele spelers op de behandeltafel of in de oefenzaal van Topfysio Wommels hebben samengewerkt aan herstel.

Hiddo, Aurora en Wytke (allen specialisatie of affiniteit met sportfysiotherapie) hebben als doel jou weer fit en verantwoord op het veld te krijgen, dat kan zijn middels behandelingen, advies of oefentherapie.

Naast sportblessures, behandelen de therapeuten van Topfysio Wommels ook algemene klachten als rug- of schouderklachten, andere gewrichtsklachten, chronische aandoeningen, etc. Aurora en Wytke zijn daarnaast gespecialiseerd in het behandelen van kinderen en baby's.

Gratis Fysio Check

Sinds september 2024 is de praktijk gevestigd aan de Terp 42 in Wommels, hier is iedere maandag tussen 17:00 – 17:30 mogelijkheid een gratis Fysio Check te doen (voor zowel leden als niet-leden van SDS). Tijdens deze check wordt gekeken of de fysiotherapeuten van Topfysio Wommels wat voor jouw klacht of blessure kunnen betekenen. Er wordt kort advies gegeven, een vervolgspraak gemaakt, of doorverwezen naar bijvoorbeeld huisarts of specialist. Je kunt je gemakkelijk en dus gratis aanmelden via

www.topfysiowommels.nl.

Voor de spelers van het eerste team van SDS, is er iedere donderdag een spreekuur, waar pijntjes en blessures worden behandeld en waar

trainingsadvies gegevens wordt in overleg met speler en technische staf.

Mocht jij (pijn)klachten hebben, advies willen over je blessure of optimaal werken aan je herstel?

Neem dan eens contact op via **0515-332828 /**

info@topfysiowommels.nl

of neem een kijkje op

www.topfysiowommels.nl



De Hollandse 100 mei Allert

Dit hat neat te krijen mei Hollandse Hits of sa, mar mei de lieder fan SDS 2, Allert Turksma dy't meidwaan giet oan in saneamde duathlon. Hy sil 10 km reedride en 90 km fytse yn en om Thialf yn Hearrefean. Hjir mei wurdt jild ophelle foar in goed doel. Wy heare ris efkes by Allert hoed dit allegear sit.

Wannear silst meidwaan oan de Hollandse 100?

Op snein 23 maart.

Hoe kaamst hjir sa by?

Fia myn wurk by de Provinsje Fryslân docht der in ploegje mei. Ien fan myn kollega's frege oft it ek wat foar my wie en dat like my wol wat!
Ik ha ek âld SDS-er Klaas Bouke Faber sa fier krigen mei te dwaan.

Foar wat foar goed doel wurdt der jild binnen helle?

De Hollandse 100 wurdt organisearre troch Stichting Lymph&Co. Dit is in stichting dy't jild ynsammelt foar ûndersyk nei bettere behannelingen fan lymfeklierkanker. In moai en wichtich doel dus!

Hast in soad traind?

Dat is der wat by ynsketten, om't ik my net sa lang lyn opjûn ha. Yn totaal ha ik twa kear 30 kilometer fytst en bin ien kear te riden west yn de Elfstedenhal yn Ljouwert. Koe better dus. 😊

Hoe giet it mei SDS 2? Do hast ek al wer ris wat minuten makke nei dyn blesure of net?

Mei SDS 2 giet it syn gankje. We binne in degelike middenmotor yn de 3e klasse. We krije, meastentiids, net in soad goals tsjin, mar komme ek net hiel maklik ta skoaren. Hichtepunt dit seizoen wie oant no ta de 5-0 thúsoerwinning op Nijlân 2.

Nei myn blesure haw ik lêsten, ek troch personele problemen by it 2e, wer wat minuten makke. Dat befoel wol en sûnt dy tiid train ik eltse tiisdei wer mei en meitsje ik wer wat minuten op sneons.

**Mar in hiel soad súkses tawinske!
Sawol mei de Hollandse 100 as SDS 2!**



De SDS-League

Stefan van der Velde stiet boppe-oan yn de SDS-League mei syn team 'Frarjancesco Farjanioli' nei wike 4. Wy binne wol benijd nei syn team en sa.

Bist ferrast dasto mei 'Frarjancesco Farjanioli' boppe-oan stiest yn de SDS-League?

Net hielendal, al wie ik twadde en dan bin je fansels tichtby. De wykpriis fan in pear wike lyn hie ik al oan kommen sjoen. Antman fan Go Ahead is tink ik myn gouden greep west, dat blikt oant no ta in sekerhiedsje te wezen die warskiinlyk net in soad minsken in harren team ha.

Wa hast allegear yn dyn team?

Olij(Sparta), Verdonk(NEC), Hato(Ajax), El Karouani(FC Utrecht), Hancko(Feyenoord), Antman(Go Ahead Eagles) Steijn(FC Twente), Ihattaren(RKC), Parrot(AZ), Vente(PEC Zwolle) en De Jong(PSV)

Hoe lang dochst al mei oan de SDS-League?


Al in pear jier, ik tink in jier as 10.

Hast alris wat wûn?

De twadde kear dat ik mei die, bin ik twadde wurden yn it klassemint. Elk seizoen eins wol ien wykpriis wûn en ik ha de eer han om ek ris lêste te eindigjen wer troch ik in prachtige SDS paraplu in besit ha.

Hoe bist sa by dyn teamnamme kommen?

Ik fyn it leuk om elke seizoen wer in oare namme te ha en ha in kear "Boppe FC Hallema" (FC Hallema is Arjan Hallema syn namme)han, dernei ist eins in spultsje wurden om elke kear in namme te betinken mei Arjan syn namme der yn ferwurke. Sa is ûnder oare "VARjan", "Moast die bal foArjan" en "KArjan Cevitam" alris foarby kaam, it wurdt al steeds wat lestiger om wer wat te betinken.



Arjan Hallema, Bauke Dijkstra, Sytze Kooistra en Stefan van der Velde by it stadion fan Sunderland

It kin dus hast gjin tafal wêze dat yn de wike dasto boppeoan kommen bist Arjan mei FC Hallema de wykpriis pakt hat?

Nee, dat hat sa weze moatten. Hy baalde al dat Pasveer(ien fan syn 11-tal) gelyk blesseert rekke, dus moai foar him dat der dizze helte yn elts gefal in wykpriis te pakken hat en wa wit sit der noch mear yn.



de
SDS
LEAGUE

Wat is dyn taktyk by it meitsjen fan dyn team?

Ik haw de app FotMob, wer ik allegear statistieken yn sjen kin. De topskoorder komt der sawiesa yn(Steijn), mocht de topskoorder net yn de ploech mei de measte doelpunten sitte dan moat fanút der in spiler der yn(De Jong) en in spiler út de ploech mei de minste tsjindoelpunten in ferdediger as oars de keeper(Hato).

Fierder sjoch ik as se überhaupt wol basis spylje en as se belangryk binne mei assists as doelpunten.

Fan wa hiest wat mear ferwachte yn dyn team?

Troy Parrot fan AZ, die hat nei de winterstop noch mar 2 goals makke en noch gjin assists op syn namme stean.

Wat is de grutte ferrassing?

Oliver Antman, ik hie fansels sjoen dat der belangryk wie mar hy hat hast elke wedstriid in assist as doelpunt. Ik hie hast noch foar syn teamgenoat Jakob Breum kozen(hie ik wol wat skowe moatten y.f.m. dat der ien as oanfaller stiet en de oar as middenfjilder), gelokkich ha ik dat net dien want Breum hat no in blessure.

Tinkst dast mei dit team de SDS-League winne kinst?

Sa lang as al myn 11 spilers spylje en Antman dit fest kin halde dan meitsje ik tink ik wol aardich kans.

Wy winskje dy noch in hiel soad súkses ta mei dyn team yn de SDS-League!

**Sjoch foar de nijste stân
fan de SDS-League op
www.vv-sds.nl**

Fan de feestkommisje

**Begjin febrewaris
hawwe wy in
alderaardichste
derbydei hân mei nei
de tiid DJ Jan-Bauke.
Wy sjogge dan no ek al
út nei it folgende SDS-
feessie. Ris efkes
heare by Bauke
Dijkstra wat der yn de
hege hoed sit.**



De derbydei wie aardich slagge as net?

Neffens de ferhalen wie dit seker slagge ja. Ik koe der sels spitigernôch net bij wêze mar neffens mij hat DJ Jan Bouke der in moai feestje fan makke. Der foel natuerlik, lykas de foarige kear yn Skearnegoutum ek wer genôch te fieren. Dat komt de sfear, yn elts gefal bij alles mei in swart/wyt hart, wol ten goede. In fol sportfjild en in folle kantine, dêr dogge wij it mei syn allen foar.

Wat is it folgende feessie?

Wij ha ús sels foarhâlden om sa'n 3 as 4 feestjes yn it jier te organisearjen. Dit hinget ek altyd efkes ôf fan it wedstriidprogramma, oare feestjes en neam mar op. Yn novimber ha wij it tige slagge Novimber Beerfest hân mei DJ Bas. Rûn âld en nij is der feest west yn de kantine organisearre troch it bestjoer fan SDS sels en ôfrûne febrewaris de grutte Derby Day. Dus sa at it no liket is ús earstfolgende en ek gelik ús lêste feestje fan dit seizoen op **sneon 24 maaie** nei de lêste thúswedstriid, yn de reguliere kompetysje yn elts gefal, fan SDS 1. Nei it súkses fan ferline jier sille wij ek dit seizoen ôfslúte mei hearlike vette pizza's fan Atze, in lekker stikje muzyk, mear as foldwaande goudgiele rakkers en hooplik wer in folle kantine en terras!

Hawwe jim noch bysûndere ideetsjes foar yn de takomst of ferrasse jim ús?

Ik tink dat wij jimme, lykas as ús sels wer ferrasse sille. Wij binne in kommisje sûnder rigels, sûnder aginda, sûnder statuten en sûnder foarsitter. Mar wol mei 4 neisitters! Dus ideeën ontstean spontaan en der sil ek takom jier fêst wer in moai programma komme. Mar mochten der ideeën wêze dan binne dy fansels altiten wolkom. Sjít ús dan efkes oan yn de kantine.



SUCCESSVOL AFVALLLEN

DAT IS ONZE ZAAK

Dat afvallen ook leuk kan zijn bewijst PS food & lifestyle; het programma dat verse groenten, zuivel, vlees(vervangers) en vis combineert met koolhydraatarme én eiwitrijke producten zodat je vet verbrandt en geen spieren.

Dé manier waarop het wel lukt.

Begeleiding

Professionele en
ervaringsdeskundige
coaches in Workum,
Wommels & Leeuwarden

Gedragsverandering

Wij leren je hoe je anders
kunt denken, waardoor je
anders kunt doen, betere
keuzes kunt maken.

Gewichtsbehoud

Wensgewicht behaald?
Wij bieden je minimaal
één jaar gratis
nabegeleiding!

Daarom ga je naar Balansie!

Wil jij ook gezonder leven én lekker blijven eten?
Plan dan nu je GRATIS intakegesprek en wij informeren je graag
naar de mogelijkheden van onze begeleiding.

www.balansie.nl | 06 - 15 90 61 19

Persoanlik

Wy stelle jim graach foar oan: Lisa Hoekstra	
Namme	Lisa Hoekstra
Berne	Sikenhûs yn Snits
Yn Wommels, Easterein as....	Easterein
Skoalle	De Foareker
By SDS sûnt	Fanôf de Mini-League yn 2021
Team	MO11-1
Gjin fuotbal, dan...	Skiën
Favorite klup Nederlân	AFC AJAX
Favorite klup bûtenlân	FC Barcelona
Beste trainer	Gjin foarkar
Beste fuotballer yn Nederlân	Lieke Martens
Beste fuotballer yn it bûtenlân	Mbappé
Favorite fuotballer SDS	Der bin in soad goeie fuotballers by SDS
Beste keeper	Noppert
Favorite posysje	Ferdediger
Sterkste punt	Ferdedigje
Swakste punt	Koppe

<i>Moaiste stadion</i>	Abe Lenstra Stadion
<i>Idoal</i>	Lieke Martens
<i>Hichtepunt</i>	8-0 winne
<i>Djiptepunt</i>	4-3 ferlieze troch falsspyljen tsjinstanner
<i>Moaiste goal</i>	Ofstansgoal
<i>Skoudertriuw as tackel?</i>	Skoudertriuw
<i>Boas om</i>	Falsspyljen
<i>Flinters yn de búk fan</i>	As ik hiel heech ergens stean
<i>Tillevysje</i>	Alleskunner
<i>Muzyk</i>	Roxy Dekker
<i>Lekkerste iten</i>	Pizza
<i>Minst lekkere iten</i>	Sprútsjes
<i>Drinken</i>	Cola
<i>Nintendo DS, Wii, Playstation, X-BOX of bûten boartsje</i>	Bûten boartsje
<i>Favorite game</i>	Block blast
<i>As ik skoar dan fier ik dat sa....</i>	Dan bin ik bliid
<i>Kampioen Earedivyze 2024/2025</i>	Ajax
<i>Cambuur of SC Heerenveen?</i>	SC Heerenveen
<i>Moaiste sjurt</i>	Heerenveen thússhirt
<i>Leljkste sjurt</i>	Utshirt PSV
<i>Fuotbalskuon</i>	Adidas
<i>Rjochts of lofts?</i>	Rjochts
<i>At ik letter grut bin dan....</i>	Wit ik noch net
<i>Wolst fierders noch wat kwyf?</i>	Wy ha in leuk meidenteam by SDS

In fruitmandsje bringe by Jentje Jorritsma

By SDS 4 hawwe wy nei de winterstop Jentsje Jorritsma noch net wer binnen de linen sjoen. Wat is der oan de hân?

Wêr hast lêst fan?

Ik haw lest fan de knibbel en alle spieren dy't der oan fêst sitte.

Hoe hast dat sa krigen?

Ik tink de wedstryd thus tsjin IJVC. Ik haw doe de hiele wedstryd balle en dat wie wat tefolle.



Fernaamdest doe lyk dat it mis wie?

Nee, hie earst gjin lêst, pas de sneins. Haw toen in hiele wike net goed rinne kinnen.

Hoe no fierder?

Bin no drok dwaande mei it herstel. It giet langsum wol wat better.

Giest ek nei de fysio?

Jaseker, der gean ik sa no en dan hinne om de spieren wat los te meitsjen, mar moat foaral folle oefeningen dwaan.

Wannear ferwachtesto wer op it fuotbalfjild te stean?

Ik hoopje dochs de lêste wedstriden wer wat minuten te meitsjen

Sneon 17 maaie al efkes mei nei de lêste útwedstriid fan it seizoen fan SDS 4 by Mulier 2?

Dat moat altiten wêze, moat it seizoen goed ôfslúte.

Wat misto no it meast no asto net fuotbalje kinst?

De klaaikeamer humor, de wedstryd en it bierke smakket ek oars as je net mei spile hawwe.

Jentsje, in protte sukses mei dyn herstel!
Wy hoopje dy gau wer op it fjild te sjen!

(WW)

Neikompetyse 2024-2025

Spitich genôch slagge SDS 1 der net yn om de 2^e perioadetitel te pakken yn de 3^e-Klasse B. Dochs is der noch alle kans om in perioadetitel te pakken. Der is noch 1 perioadetitel te ferjaan en mocht IJVC kampioen wurde dan giet harren perioade nei de klup dy't der it tichtst ûnder stiet sûnder perioade.

Foar de wissichheid hawwe wy de regels der alfêst efkes by pakt foar as SDS al in perioade pakt en yn de neikompetyse spylje mei:

4^E KLASSE A T/M F

- ♦ De kampioenen promoveren naar de 3e klasse.
- ♦ De periodekampioenen spelen volgens een nog vast te stellen schema samen met herkansers van de 3e klassen P, Q en R zaterdagvoetbal een nacompetitie voor vier plaatsen in de 3e klasse.
- ♦ De nummers 12 en 13 zijn herkanser en spelen volgens een nog vast te stellen schema samen met de periodekampioenen van de 5e klassen A t/m G een nacompetitie voor tien plaatsen in de 4e klasse.
- ♦ De nummers 14 degraderen naar de 5e klasse.

Neffens ús komt it der op del dat de 3 perioadekampioenen fan de klassen 4A oant en mei 4F(18 ploegen) tegearre mei de herkansers fan de klassen 3P,3Q en 3R(5 ploegen yn plak fan 6) striede sille om 4 plakken yn de 3^e Klasse. Hoe soks der definityf útsjen sil dat sille wy mei de tiid wol sjen as it écht sa fier is. De skema's binne noch net bekend makke troch KNVB-Noord.

Oprop! Wa wol PR-man-frou fan SDS wurde?

Nei 24 jier (1990-2002 en 2013-2024) bin ik yn novimber stoppe by de jierfergadering as bestjoerslid fan SDS mei de funksje; PR- reklame en sponsering.

As it dy leuk liket om dizze funksje fan my oer te nimmen nim dan kontakt op mei my as ien fan it bestjoer.

vv SDS kin net sûnder sponsers!

Bauke Tj. de Boer
06-29892380



SDS -Look-a-likes(45)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútsjer, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes mei de foto op wa 't jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei DeTreffer@vv-sds.nl!

Kevin Den Haan as Thomas Beelen (Feyenoord):



Ate Schaap as Kees Smit (AZ):



Pieter Kamstra as Maarten Martens(trainer AZ)



Slút je oan by GEKE en stypje SDS!

Sa't jimme witte is der fanút doarpsbelang Hâld Faesje fan Easterein in enerzjy koöperaasje:

Griene Enerzjy Kooperaasje Easterien. GEKE

Wat wolle sy?

GEKE hat as doel it befoarderjen fan de leefberens en duorsumens yn Easterein.

Mar hoe wurket dat dan?

GEKE is 'wederverkoper' fan stroom en gas fan Energie VanOns. Dit is in enerzjyleveransier dy't oprjochte is troch alle koöperaasjes meiinoar út Fryslan, Grins en Drinte. Energie VanOns keapet stroom en gas regionaal yn en lit de opbringsten fia de koöperaasjes wer werom floeie nei de doarpen. GEKE kriget as wederverkoper € 75,- per oanslúting per jier. Mei dit jild kinne we projekten dwaan om in duorsum doarp te wurden, mar we kinne it ek breder ynsette troch ferienings finansjeel te helpen om sa de leefberens te befoarderjen.

Wat is it idee?

GEKE wol yn gearwurking mei de ferienings fan Easterein sjen om safolle mooglik leden te krijen. It idee is dat elke feriening syn leden freget mei stroom en gas oer te stappen nei GEKE. De fergoeding foar de feriening is € 37,50 per oanslúting en € 37,50 euro is foar GEKE dy't dit ynsette sil foar de duorsumens yn Easterein. Dus stappe der 10 leden oer dan krijt SDS € 375,- per jier.

Wy tinke mei GEKE dat dit in prachtige manier is om oan ekstra sinten te kommen foar SDS! SDS is fan doel om dit jild te reservearen foar b.f. in pannakoai of mei de tiid in nije toplaag foar it keunstgersfjild.

Binne jo ynteressearre meldt je dan sa gau as mooglik oan by GEKE oan op de mail fia: info@geke-easterein.nl en jou oan dat je SDS stypje wolle!



Binne der fragen, as wolle jimme dat ien fan GEKE del komt om dit fierder ta te ljochtsjen, sjoch dan op de webside fan GEKE (<http://www.geke-easterein.nl/>) of nim kontakt op mei ien fan de bestjoersleden fan GEKE: Fedde Wiersma, Gerrit Bergsma, Johannes Dijkstra, en Marcel Janssen



Ballen yn de beam

Yn de wedstryd Iirnsum 1 – SDS 1 (3-3) bedarren mar leafst twa ballen fêst yn de beam. De iene noch heger as de oare. De reaksjes fan it publyk rûn it fjild op de ballen yn de beam wienen ferskaat.



'Better 2 ballen yn de beam as 3 yn de goal'

'Better ballen yn de beam as in beam yn de.....'


'Om my hie der wol wat oars de beam yn kinnen'

'Hege beamen fange folle ballen'

'Dy bal kin om my de beam yn'

'De bal falt net fier fan de beam'

'De bal út de beam sjen'



Ut de alde doaze

40 jier lyn (wêr bliuwt de tiid) spilet SDS 1 yn de tredde klasse A. Der sitte 12 Fryske ploegen yn en net de minste. At wij no nei dizze 12 ploegen sjogge, dan falt op dat se frijwol allegear ien, of meardere klassen heger spylje. VVT falt wat út de toan, sij spylje no 5de klasse. Wij pikke der efkes op gelikense spullen út. Henk Buning wie de trainer.

SDS – Joure 2–2

Klaas Okkema bracht de Oosterenders na een kwartier spelen op 1–0, een stand die door Douwe Reitsma uit een voorzet van Piet de Jong werd vergroot tot 2–0. Dat was, gelet op het vertoonde, volkomen gerechtvaardigd. In de tweede helft waren de rollen volledig omgedraaid.

Joure beheerste de situatie en kwam na twaalf minuten weer terug in de race via Sietze Betzema 2–1. Een kwartier voor het slotsignaal wist Anne Wever verdiend gelijk te maken 2–2. SDS dreigde er

Hubert Sneek – SDS 3–3

Een zeer spannend treffen, waarbij de mannen uit Oosterend bij rust op een veilig lijkende voorsprong stonden door doelpunten van Klaas Okkema 0–1, Jaap Jaarsma 0–2 en Wim Bakker 0–3. De Snekers herstelden zich daarna volkomen. Dick Bouma tekende 1–3 aan, Ate Westerhof gaf de thuisclub weer hoop 2–3 en Jappie de Vries schreef de gelijkmaker op zijn naam 3–3.

1		Joure SC	22	34	36	14
2		Hubert Sneek	22	32	44	22
3		Heerenveense Boys	22	28	36	30
4		Harkemase Boys	22	24	26	25
5		ONS Sneek	22	22	28	23
6		Buitenpost	22	21	37	37
7		Anjum	22	21	26	26
8		Leeuwarder Zwaluwen	22	20	30	35
9		SDS	22	20	26	34
10		Zeerobben	22	19	30	36
11		VVT	22	13	25	36
12		IJVC	22	10	26	52

Heerenveense Boys-SDS 1-1 (1-0).

30. Jan Schippers 1-0; 85. Jaap Jaarsma 1-1.

De koplopers kregen in dit leuke treffen veel kansen, maar benutten er maar één. Trouwens, ook SDS kwam af en toe gevaarlijk door, maar bij de Oosterenders ontbrak evenzeer de zuiverheid. Een terechte eindstand derhalve.

SDS – ONS 1–1

SDS en ONS begonnen in de veertigste minuut bij een 0–0 stand. De Oosterenders leken aan het langste eind te trekken, toen Ype Tiemersma na een trekbal van Wim Bakker 1–0 realiseerde. Drie minuten voor tijd echter bracht Peter Jansen een terechte einduitslag op het scorebord, 1–1.

Zeerobben – SDS 2–2

Scheidsrechter Bé Smit uit Klazienaveen was de gebeten hond bij de Harlingers. Eerst had hij na 25 minuten grensrechter Thijs de Vries na een controverse van zijn taak ontheven en in de tweede helft liet hij zes minuten inhalen. Juist in die 'blessuretijd' scoorde SDS de gelijkmaker. Na afloop moest de spelleider met zeer gezwinde spoed zijn kleedkamer opzoeken om te ontkomen aan enige al te heethoofdigen. Het begon overigens niet slecht voor de havenstadbewoners. Kees Schaap tekende 1–0 aan en Klaas Visser zorgde voor 2–0. Klaas Okkema bracht weer hoop in de harten van de gasten 2–1. De tweede helft was zeer spannend en kreeg zijn min of meer omstreden ontknoping in de 'scheidsrechterstijd' via Wim Bakker 2–2.

Doelpunten 2024-2025

40 doelpuntenmakers binne der totaal, wêrfan der 18 spilers ien kear skoarden en 5 spilers it net twa kear fûnen.
De oare 17 skoarden trije kear of faker.
De top trije bestiet frij ferrassend út twa spilers fan it earste.
Dat is hiel lang lyn, meast komme de faak skoarende spilers út legere alvetallen.
Mar de meast skoarende ploech is dit seizoen SDS 1.

SDS1	SDS 2	SDS 3	SDS 4	Totaal
38	31	24	34	127

Tsjipke Okkema liket noch altiten de beste papieren te hawwen om topskoarder fan 2024-2025 te wurden.

	1	2	3	4	Totaal
Tsjipke Okkema		1		15	16
Lourens van der Pol	13				13
Ate Schaap	7				7
Jurjen Los		6			6
Wessel Schraa		4	2		6
Kees Sandstra		1	5		6
Mark Postma				6	6
Niels Janssen		2	3		5
Wiltsje Aardema		1	4		5
Boaz Dijkstra				5	5
Douwe Jan Vellinga	4				4
Jelmer Brouwer	1	3			4
Matthijs Postma	3				3
Gerbrand Kramer	3				3
Jens Hiemstra	1		1	1	3
Arjen Los		3			3
Pieter van der Valk			3		3

Doelpuntenmakers 40 jier lyn

Yn de âlde doaze yn dizze Treffer hawwe wij it oer it seizoen 1984-1985. In sterke tredde klasse mei in prima plakje krekt boppe de streep. Wij seagen ek noch efkes nei de doelpuntenmakers fan doe. 26 kear waard der skoord. Sommigen dêrfan sjogge wij sneons faak omrinnen/sitten bij SDS 1.

Klaas Okkema 7

Douwe Dirk Reitsma 4

Wouter Hylkema 4

Jaap Jaarsma 2

Wim Bakker 6

Jan van Asselt 1

Piet de Jong 1

Ype Tiemersma 1

Henk Ruiter 1

Opfallende namme is fansels Ype Tiemersma. Hij wie gjin basisspiler, hat ek mar koarte tiid bij de seleksje sitten mar skoarde dochs mar efkes tsjin it “grutte” ONS op 17 novimber 1984,

SDS – ONS 1–1

SDS en ONS begonnen in de veertigste minuut bij een 0–0 stand. De Oosterenders leken aan het langste eind te trekken, toen Ype Tiemersma na een trekbal van Wim Bakker 1–0 reëaliseerde. Drie minuten voor tijd echter bracht Peter Jansen een terechte einduitslag op het scorebord, 1–1.

Neist dit doelpunt hat Ype noch ien doelpunt yn it earste makke.

SDS-sjaals te keap

Der binne SDS-sjaals te krijen. Sy koste €12,50 per stik.

Ideaal foar de winter of by wedstriden fan SDS en moai om te jaan op de jierdei.



Se binne tidens it fuotbalseizoen te krijen yn de bestjoerskeamer.

Aginda

Wannear?	Wat ?
22-maart	SDS – Waterpoort Boys 1
29-maart	MKV 1 – SDS 1
5-april	SDS 1 – Foarút 1
9-april	Kidsrun by sc Heerenveen foar de SDS-jeugd oant en mei de JO12
12-april	SSS'68 1 – SDS 1
19-april	Ynhel/beker
25-april	Gert-Jan Verbeek yn De Nije Haven yn Lollum
26-april	'Keningsdei'
3-maaie	Wykels/Hallum 1 – SDS 1
10-maaie	SDS 1 – Marrum 1
17-maaie	DTD 1 – SDS 1
24-maaie	SDS 1 – sf Deinum 1 (lêste kompetysjewedstriid)
9-juny	Ald-VVO – Ald-SDS yn Littens



Honderden amateur-
voetballers wonderbaarlijk
genezen van blessures
dankzij 17 graden met zon



Bron: De Speld



drive

We trekken graag een sprintje om aan uw wensen te voldoen. Uw drukwerk regelen wij vol kracht en overgave. Wij gaan ervoor en hebben er plezier in. Dat is onze kracht. Enthousiasme voedt ons bloed. Van begin tot eind werkt ons team van bevlogen, betrokken toppers aan uw product. Het eindresultaat telt, maar ook de weg ernaar toe. Prestatie vloeit voort uit passie, gedrevenheid en betrokkenheid. Wij denken graag met u mee, want samen komen we verder. Welkom bij Van der Eems.



grafische groep van der eems

VANDEREEMS.NL EASTEREIN / HEERENVEEN